

## **Dit is de dei dy't God ús brocht**

1 Dit is de dei dy't God ús brocht,  
troch hiel de kristenheid betocht,  
as sy de wûnd're berte fiert  
dy't ierde\_en himel frede biedt.

2 Sadree't de tiid ferfolle wie,  
kaam Hy dêr't elk op wachte hie.  
God stjoerde fan syn hege troan  
it heil foar alle wrâld, syn Soan.

3 As ik dat wûnder fetsje wol  
sjit my it moed fan earbied fol.  
'k Oanbid it djippe heimenis  
dat sa Gods leafde mei ús is

4 Jo nimme\_ús yn genede oan  
en komme fan jo hege troan.  
Jo diele yn ús wif bestean  
om ús as minske by te stean.

5 O, fredefoarst, Gods heechste wurd,  
nei Jo seach 't foargeslacht al út.  
God ien mei ús, Immanuel,  
ik bûch my dimmen foar Jo del.

6 Jo binn' ús heil, ús heechste goed,  
Jo binn' ús eigen fleis en bloed.  
Wy meie\_as freon en broer Jo sjen,  
troch Jo binn' wy Gods eigen bern.

7 Ien brocht de sûnde yn 'e wrâld,  
ien midsmen kaam ta ús behâld.  
No't Hy ús hoedet, wifkje net:  
Hy is it neiste\_oan Heite hert.

8 O, himel, jubelje tenei  
om dizze hill'ge bertedei.  
En ierde, sjong it nije liet,  
dat Jezus Kristus hulde biedt!

9 Dit is de dei dy't God ús skinkt,  
dy't skielk de hiele wrâld betinkt;  
as elk de kening foar him sjocht,  
dy't ierde\_en himel frede brocht.

*tekst* Christian Fürchtegott Gellert – 'Dies ist des Tag, den Gott gemacht'  
*oersetting* David de Jong  
*meldij* Martin Luther – 'Von Himmel hoch da komm ich her'